

Roman fan in hielmaster

Kolofon

ISBN: 978 94 6365 048 9

1e druk 2018

© 2018, Niko de Mus

Utjouwerij Elikser

Ossekop 4

8901 AA Ljouwert

Foarmjouwing omslach en binnenwurk: Evelien Veenstra

Mei tank oan Jan Breimer fan itnijs.nl foar goerie.

Neat út dizze útjefte mei fermannichfâldige wurde, opslein yn automatysearre gegevensbestannen en/of iepenbier makke troch middel fan print, fotokopy, mikrofilm of op hokfoar oare wize ek, sûnder foarôfgeande skriftlike tastimming fan de skriuwer en de útjouster.

This book may not be reproduced by print, photoprint, microfilm or any other means, without written permission from the author and the publisher.

Roman fan in hielmaster

Niko de Mus



Ynhâld

1. In goed minske	11
<i>In goed minske</i>	11
<i>It Bern dat it Goede is</i>	12
<i>It Ljocht fan in Stjer</i>	13
<i>It Wurd fan in Doper</i>	14
2. De learaar dy't lijers better makket	16
<i>Sykje God</i>	16
<i>Ik ûnderfyn God</i>	16
<i>Yn ferlieding</i>	17
<i>De blide boadskipper</i>	17
<i>Fiskers fan minsken</i>	18
<i>In smoarge geast wurdt skjûn</i>	19
<i>In skoanmem mei koarts</i>	19
<i>Lijensree</i>	19
<i>Ien mei in hûdsykte</i>	20
<i>Ien mei in spiersykte</i>	20
<i>Ien mei in ferskronfele hert</i>	21
<i>Wêrom giet er om mei min folk</i>	21
<i>Wetter wurdt wyn</i>	22
<i>Breugeman en freonen fêstje net</i>	23
<i>Nôtkerlen op Gods dei</i>	23
<i>Hâld dit godshûs rein</i>	24
3. Doktersresepten op in berch	25
<i>De sikers binne Joaden en Griken</i>	25
<i>Wa't de seine krije</i>	26
<i>Hâld fan dyn fijân</i>	26
<i>Bid ta ús Heit</i>	27

<i>De gouden regel</i>	28
<i>Soarch en bangens</i>	29
<i>Kies de smelle dyk, bou it goede hûs</i>	30
<i>Lit dyn ljocht skine</i>	31
<i>Troch gelikenissen it keninkryk kenne</i>	31
<i>It sie en it keninkryk fan God</i>	32
4. Frjemd wurdt eigen	35
<i>Farwol freonen en famylje te Nazaret</i>	35
<i>De hûnen ûnder de tafel te Tyrus en Sidon</i>	36
<i>It wetter fan 'e Samaritaanske frou</i>	37
<i>In fijanlike besetter</i>	38
<i>Thús in waarm nêst?</i>	39
<i>Ut 'e stoarm yn 'e rêst komme</i>	39
<i>De sike geast en syn geweld</i>	40
<i>De âldere frou en it famke fan Jaïr</i>	42
5. Net by brea allinnich	44
<i>Goed nijs – it útstjoeren fan 'e apostels</i>	44
<i>Syn holle op in itensboard</i>	46
<i>It brea ferpertsje</i>	47
<i>Oer de weagen gean</i>	48
<i>It brea fan God</i>	49
<i>Se harkje al, mar hearre net</i>	50
<i>Se sjogge al, mar begripe net</i>	51
<i>It ûnbegryp fan 'e learlingen</i>	52
6. De hoeder en syn skiep	53
<i>Wa sizze se dat ik bin?</i>	53
<i>Ik bin de goede hoeder</i>	54
<i>Maria en Marta oan it wurd</i>	55
<i>Freegje it!</i>	55

<i>Kening fan alle folken</i>	56
<i>Earste oankundiging fan it lijen</i>	57
7. Sûnde fan minske ta minske	58
<i>Skieding</i>	58
<i>Wa't sûnder sûnden is</i>	59
<i>Unsichtbere grêven</i>	59
<i>Dyn neiste docht ferkeard</i>	60
<i>Lit de berntsjes ta my komme</i>	62
<i>Twadde oankundiging fan it lijen</i>	63
8. De meiminske en it keninkryk	64
<i>Memento mori – betink datst stjerre silst</i>	64
<i>Prioriteiten, dyn skatten yn 'e himel</i>	65
<i>Net myn skiep</i>	67
<i>In skiep kwyt wêze, in soan kwyt wêze</i>	67
<i>Baas en boekhâlder witte wat linigens is</i>	68
<i>De Samaritaan wit wa't syn meiminske is</i>	69
<i>Wêrom't gjin letter fan 'e wet falle mei</i>	71
<i>Wa is goed?</i>	72
<i>Allinnich God is goed</i>	72
<i>Genede is goed</i>	73
<i>De rike bankier</i>	73
<i>Lazarus kriget it libben wer</i>	74
<i>It lean, it tametten part</i>	75
<i>De taak, it tametten part</i>	76
<i>Tredde oankundiging fan it lijen</i>	76
9. De nôtkerl moat stjerre	78
<i>As de nôtkerl net stjert</i>	78
<i>Oalje foar wa't stjerre sil</i>	78
<i>De bêste plakken</i>	79

<i>It minste plak</i>	80
<i>De figebeam nimt grûn yn beslach</i>	80
<i>De bline Bartimeüs nimt grûn yn beslach</i>	80
<i>Yntocht yn Jeruzalem en it Foarhôf fan 'e Heidenen</i>	81
<i>De ôfkarde figebeam, de ôfkarde hoekstien</i>	82
<i>Wa docht Gods wil?</i>	83
<i>Wat in widdo jout</i>	85
<i>Nei wa syn byld?</i>	85
<i>In God fan minsken dy't libje</i>	86
<i>De twa geboaden dy't ien binne en net sûnderinoar kinne</i>	86
<i>Wês wach</i>	87

10. Yt en drink mei-inoar, waskje inoar, meitsje inoar better 88

<i>Tariedingen foar it Lêste Jûnsmiel</i>	88
<i>Nederichheid en beskiedenens</i>	89
<i>It fuotwaskjen</i>	89
<i>De foarsizzing fan it grutte ferrie</i>	90
<i>It Lêste Jûnsmiel</i>	91
<i>De foarsizzing fan it lytse ferrie</i>	92
<i>Yn it hûs fan myn Heit binne keamers genôch</i>	92
<i>De wiere wynstôk en de ranken</i>	94
<i>De haat fan oaren</i>	95
<i>God is yn My</i>	96

11. It sear fan God 98

<i>Ik bin yn jim</i>	98
<i>Yn 'e Tún fan 'e Oaljeparse, Getsémanee</i>	99
<i>Ferrie op ferrie</i>	100
<i>Wat is wierheid?</i>	102
<i>Sjoch de minske!</i>	104
<i>Sjoch Gods Soan</i>	105

12. De Goede libbet yn ús	108
<i>Yn linnen mei mirre en aloëe</i>	108
<i>Rydboskjen en alteraasje</i>	108
<i>De túnman</i>	109
<i>De frjemdling ûnderweis nei Emmaüs</i>	110
<i>De mistrouwige Tomas</i>	110
<i>Alde fiskers, nije hoeders</i>	111
<i>De twa geboaden</i>	113

1. In goed minske

In goed minske

Nikodemus hat trije learlingen. De earste freget oan Nikodemus:

“Wa of wat is God?”

Nikodemus jout as antwurd:

“Hy is it Goede en Hy is de Goede. Wy minsken kinne allinnich in sinfolle relaasje hawwe mei wat libben is. Dêrom is God foar ús De Goede. As God foar ús de Goede is, dan kin Hy yn ús wurksum wêze. Hy is ús Heit.”

De twadde learling freget: “Wa is Jezus Kristus?”

Nikodemus jout as antwurd:

“Jezus Kristus is it gewisse, de kennis fan wat goed en ferkeard is. Hy is it fertrouwen yn meiminsklikheid. Hy is de wil ta it Goede. Hy is de Soan fan God. Hy is it fûnemint dat yn ús allegearre oanwêzich is. Op dat fûnemint kinne wy in sinfolle relaasje mei Him oangean as mei in freon. Dan kin Hy nei ús harkje en wat werom sizze. Wy hawwe wa’t wy leaf hawwe yn ús talitten en prate mei har en harkje nei har, ek at se net liiflik oanwêzich binne. Lit Jezus Kristus ta as freon, as beminde, as liedsman, as meiminske.”

De tredde learling freget:

“Wat is de hillige Geast?”

Nikodemus jout as antwurd:

“As wy freonskip slute mei Jezus Kristus en Him as liedsman erkenne, dan folgje wy Him nei op syn Wei. Hy is dan wurksum yn ús geast, yn ús libben, yn wat wy dogge en wat ús oerkomt. Dy wurksumens neame wy de hillige Geast. De hillige Geast is Jezus Kristus yn syn ferskinning oan ús as treaster en helper.”

WOLST IN GOED MINSKE WÊZE OF NET?
AST IN GOED MINSKE WÊZE WOLST,
BIST IN FREON FAN GOD
WANT GOD IS IT GOEDE.
HY IS DE HEIT FAN IT GOEDE,
DO BIST IT BERN FAN IT GOEDE.
SA BISTO NET ALLINNICH.
DO KINST IT GOEDE OP 'E WRÂLD SETTE
ASTO IT BERN FAN IT GOEDE WÊZE WOLST.

It Bern dat it Goede is

Dit is in ferhaal oer it Wêzen yn de Uneinichheid. It Wêzen is de Skepper fan 'e Uneinichheid. Hy bejout him yn syn einige skepping, syn universum. Hy set dat út nei de ierde ta dy't er makke hat. Hy sil ús sjen litte wat de minske is en wat de minske wêze kinne soe. Hy sil mei ús fiere en Hy sil mei ús lije. Hy sil ús leare hoe't wy libje moatte. God wurdt minske. De Heit wurdt Soan.

Hy kiest in frou as mem. Har namme is Maria, en sy rekket yn ferwachting. De namme fan it Bern op ierde is Jezus. Syn muoike is Elizabet. Sy is yn dyselde snuorje yn ferwachting fan in jonkje. Dy sil Johannes de Doper hjitte. Maria giet by har nicht op besite. As de nichten inoar sjogge, sjongt Elizabet dit gedicht:

AVE MARIA, MEM FAN GOD
FOL FAN GENEDE, DE HEAR IS MEI DY.
SEINIGE BISTO ûNDER DE FROULJU
EN SEINIGE IS DE FRUCHT FAN DYN BÛK.
DO SETST ÚS RÊDER OP 'E WRÂLD.

HILLIGE FAAM, MARIA, BID FOAR ÚS MINSKEN,
NO EN YN 'E OERE FAN ÚS DEA. AMEN.

En Maria sjongt dit gedicht as antwurd:

IK MEITSJE GRUT DE HEARE,
SYN BERN WAAKST YN MYN BÛK.
ALTYD WIE IK DE MINSTE,
NO KRIJ IK DIZZE EAR.
SYN MACHT IS NET TE KEAREN,
ÛNEINICH IS SYN HERT.
HY STIPET WA'T HIM LEAF HAT,
WA'T HIM YN EARE HÂLDT.
MYN SKAT IS YN 'E HIMEL
EN DE HIMEL IS YN MY.

Maria en Elizabet bliuwe byinoar oant Johannes de Doper op
'e wrâld kommen is. Dêrnei geane Maria en har man Jozef
werom nei har wenplak Nazaret ta.

It Ljocht fan in Stjer

Underweis, as Maria en Jozef yn Betlehem oankommen
binne, brekt har wetter. Yn 'e herberch is gjin plak dat se
giet op 'e krêbe yn 'e skuorre lizzen en dêr komt Jezus op 'e
wrâld. Sa is it berntsje syn earste ferbliuwplak in plak dêr't
bisten komme om te iten en te drinken en nije krêften op te
dwaan. En der komt fuort oanrin fan skiep en har hoeders
en in okse en in ezel.

Trije wize keningen krije de geast en sjogge in grut ljocht
oan 'e himel. Dat sette se nei en sa komme se by it fleurich

selskip yn 'e skuorre. De keningen bûge foar it bern en biede kostberheden oan dy't se meinommen hawwe: mirre, wijreek en in gouden kroan opkreaze mei roazen, fan in keninkryk dat net fan dizze wrâld is. Dêrnei geane de keningen werom om har eigen folken te hoedzjen en te noedzjen oant de folken ien wurde sille yn ús Heit dy't yn 'e Uneinichheid is.

It Wurd fan in Doper

Yn it begjin is it Wurd en it Wurd is by God en it Wurd is God. Dit hjir wie yn it begjin by God yn syn Uneinichheid.

Alles komt troch Him ta bestean en bûten Him ûntstiet neat. Wat ûntstien is, hat libben yn Him en it libben is it ljocht fan 'e minsken. En it ljocht skynt yn 'e tsjusterens en de tsjusterens kin it ljocht net oan.

It wiere ljocht is der, it ljocht dat alle lju beljochtet en dat nei de wrâld kommen is. It kaam op 'e wrâld, in wrâld dy't troch ljocht ta bestean kommen is, mar de wrâld wol it ljocht net erkenne.

It ljocht is yn syn eigen hûs kommen, mar de minsken hawwe him net allegear opnommen. Dy't him opnimme, krije it fermogen om bern te wêzen fan God. Ut God binne se werberne, en ierdske begearten triuwe har net langer del. Ik doop mei wetter, mar Hy doopt mei ljocht.

Ja, it wurd is fleis wurden. Hy is by ús kommen te wenjen en wy ha syn gloarje sjoen, de gloarje fan it Bern fan God, fol fan wierheid en genede. Hy hat ús leard om it hert fan syn Heit te kennen en it lijen fan ús meiminsken ûnder eagen te sjen.

Sjoch dan, dêr, dêr is it Laam fan God. Hy nimt de lêst fan dyn lijen wei. Yn Him losse sear en sûnde har op en de skuld dy't wy oan oaren hawwe en de skuld fan oaren oan ússels. Hy is wetter, Hy is ljocht, Hy is brea, Hy is de libbensazem.

Sjoch dan, it is Gods Soan. Doch dyn eagen iepen en sjoch nei binnen ta en moetsje Him yn in keninkryk dat yn dy is.

GIET DER YN 'E UNEINICHHEID
WAT GOEDS BESKÛL DAT OM MY JOUT,
IN WÊZEN SÊFT FAN AARD EN MYLD
DAT HOOPT DAT IK IT GOEDE KIES?

FIELT IT HIM OANSPRUTSEN TROCH MY
NO'T IK OM AL MYN FOUTEN ROU,
NO'T IK IN BYLDNIS FOARMJE FAN
IN WÊZEN DAT OP MY FERTROUT?

FIELSTO DY OANSPRUTSEN TROCH MY
NO'TSTO OM IT FERLINE ROUST
NO'TSTO IN BYLDNIS FOARMEST FAN
IN WÊZEN DAT OP DY FERTROUT?

GIET DER YN 'E UNEINICHHEID
IN WÊZEN SKÛL DAT OM ÚS JOUT
EN HÂLDT DAT WÊZEN WIER FAN MY
AL DOCH IK ALTYD DINGEN FOUT?

2. De learaar dy't lijers better makket

Sykje God

Johannes de Doper is yn 'e woastyn en doopt dêr minsken út Judeä en Jeruzalem. Dêrtroch komme se tichter by God en fielle hoe't har minsklike tekoartkommingsen har ferjûn wurde.

Ik set der út Nazaret yn Galileä wei op ta en freegje him:
“Wat seisto oer dysels?”

Hy antwurdet:

“Ik bin in roppende yn 'e woastyn, mar no is myn bea ferheard.”

Ik sis him: “Doopt my.”

Sa meitsje wy it paad fan de Hear rjocht.

En dêr bart it dat ik in mystike ûnderfining, in Godsûnderfining, krij.

Ik ûnderfyn God

As ik trochwiet út it wetter omheech kom, sjoch ik dat de himel iepenskuort.

Ik fiel dat God yn my sykhellet.

Ik hear wurden út syn mûle.

DO BIST MYN BERN.

YN DY HAW IK IN WOLBEHAGEN.

IK HÂLD FAN DY.

Yn ferlieding

Dêrmei driuwt Gods azem my fjirtich dagen de woastyn yn. Dêr ferwurkje ik it ûntsachlike dat my oerkommen is. En dêr wurd ik hifke.

De ferlieding beset my en wurd in keapman yn kostbere stiennen, dat ik se ruilje om de earmen brea te jaan. Mar ik sis tsjin mysels, de minske libbet net fan brea alinne, mar fan alles dat út Gods mûle komt.

De ferlieding beset my en hifkje God troch fan de timpelpoarte te springen en te sjen oft Hy my rêde sil. Mar ik fiel fuortdaalks, it is net goed om God te hifkjen. Hy hifket de minske en net oarsom.

De ferlieding beset my en wurd kening fan in machtich lân. Soe ik as kening net in protte goeds foar it earm en jammerdearlik folk dwaan kinne? Mar nee, myn keninkryk is net fan dizze ierde. Myn wei is de wei fan God. Earst troch God te tsjinjen, kin men de minsken tsjinje en net oarsom.

De blide boadskipper

Johannes wurdt finzen nommen en ik set op myn thúslân ta. De profet Jesaja neamt it ‘Galileä fan ’e heidenen’ en skriuwt dêroer:

“It folk dat yn ’e tsjusterens tahâldt, sjocht in skitterjend ljocht, en hja dy’t wenje yn it skaad fan ’e dea, wurde troch it ljocht beskynd.”

Ik set my yn Kafarnaüm nei wenjen. Dêr begjin ik minsken

te fertellen hoe't se libje moatte. Sa ferkundigje ik Gods boadskip. En dat is:

HÂLD FAN GOD. HY IS IT GOEDE. DAT IS IT EARSTE GEBOD.
HÂLD FANINOAR. WÊS GOED FOARINOAR. DAT IS IT TWADDE
GEBOD.

WANT GOD IS LEAFDE.

LEAU YN GOD EN IT KENINKRYK FAN GOD IS YN DY.

NET DÊR, NET MOARN, MAR HJIR EN NO YN DY.

GEAN HINNE EN SÛNDIGJE NET MEAR EN DOCH IT GOEDE.

WANT GOD IS LEAFDE.

Fiskers fan minsken

Simon en Andreäs, twa bruorren, hiene har netten útsmiten yn 'e mar fan Galileä. Ik sis tsjin harren:

“Kom, folgje my. Dan kinne jim fiskers fan minsken wurde.”

Dat dogge se en wy wurde freonen op 'e Wei.

Efkes fierderop binne Jakobus en Johannes, twa bruorren, oan it fiskjen. Ik rop har en se litte har âlde libben efter har en folgje my op 'e Wei.

Sa komme wy yn Kafarnaüm. Sagau as it sabbat is, de Joadske snein, sette wy nei de synagoge ta en ik sprek dêr. Guon minsken sizze tsjininoar:

“Hy sprekt net as de autoriteiten fan 'e synagoge mar as ien dy't syn ropping streekrjocht fan God krigen hat.”

Oaren binne fernuvere of entûsjast of lilke. Wer oaren sizze:

“Wat sille wy no hawwe? In nij leauwe streekrjocht fan God?”

In smoarge geast wurdt skjin

Yn 'e synagoge is ien dy't net doocht. Hy begjint tsjin my te roppen en te razen:

“Wat soesto? Wy binne inoar frjemd. Do bist kommen om my te fergriemen. Lit my gewurde en besparje my dyn hillichheid, do Man fan God.”

Ik krij him by de hân, sjoch him oan en sis:

“Gean út him wei, do smoarge geast. Ik bring hjir de hillichheid fan God.”

Hy brekt. Syn kweageasten, syn smoarge oanstriden fleane út him wei en skriemend falt er del op 'e flier fan Gods hûs. Syn geast is net mear smoarch en ûnfoech. Elkenien stiet fersteld dat er wer better is.

In skoanmem mei koarts

Wy sette mei ús fjouweren út 'e synagoge wei dat út nei it hûs fan Simon en Andreäs ta. De skoanmem fan Simon hat koarts. As wy yn 'e hûs binne, gean ik fuort nei har ta en lis har de hannen op. Dêrnei fielt se har in stik better en se wol ús sels by it iten betsjinje. Sa bart wat Jesaja sânhûndert jier ferlyn al beskreaun hat: ‘Hy hat ús kwalen op him nommen en ús sykten hat er weiband.’

Lijensree

As de sinne ûnder is en de rêstdei dêrmei foarby, bringe se elkenien by my dy't siik of swak is. De heale stêd kloftet gear foar it hûs dêr't ik tahâld. Ik meitsje in protte lju better. Myn

doel is lykwols net om mar wûnderdokter te wêzen. Ik wol minsken troch leauwe en fertrouwen tichter by God bringe. Dat is al myn nocht en wille. En foar dat doel wol ik alles trochstean en trochlije.

Ien mei in hûdsykte

De geast is de poarte nei de lea. Minsken wurde better as har fouten har ferjûn wurde. Sadwaande komt ien mei in hûdsykte nei my ta om myn wurksome oanwêzichheid te fiellen. It omsteand laach skrillet foar de melaatske man tebek. Ik krij him by de hân en sis.

“Wat wolsto dat ik foar dy doch?”

“As Jo it wolle, sil ik better wurde.”

“Ik wol it, wês better.”

Hy is fuort better en ik byn him op it hert om it stil te hâlden, mar dat docht er net, dat der komme grutte klibers folk op my ôf om my as wûnderdokter te rieplachtsjen. Om my te besinnen sykje ik gauris de stilte op. Dan bin ik oan it bidden en it meditearjen. Ik tink oan myn mystike ûnderfiningen en myn boadskip en linkendewei waakst myn bewitten fan myn takomst en bestimming.

Ien mei in spiersykte

De oare deis drage se ien mei in spiersykte op syn bêd nei my ta. Ik sjoch har fertrouwen en sis tsjin de sike:

“Do hast moed holden, dyn sûnden binne dy ferjûn. Lit se dy net langer ferlamje.”

De prysters dy’t oanwêzich binne, fine dat laster. Sykte is yn har eagen in straf fan God. En God allinnich kin neffens har ferjouwing jaan. Ik ried har gedachten en sis tsjin har: